



PARTIJ VOOR DE
VRIJHEID

ACHTKARSPELEN

It moet oars!

Ferkiezingsprogramma 2022-2026

Ynhâldsopjefte

Spearpunten	3
Ynlieding	5
1. Demokrasy, bestjoer en tsjinstferliening.....	7
2. Iepenbiere oarder en feiligens.....	11
3. Undernimmerskip, ekonomy en wurkgelegenheid.....	13
4. Lânbou.....	15
5. Soarch.....	16
6. Ynfrastruktuer en ferkear.....	16
7. Underwiis.....	17
8. Foarsjennings.....	19
9. Omjouwing.....	20

Spearpunten

IT MOAT OARS!

HOE MOAT IT DAN WOL? ↓

- Mear direkte demokrasy: ynfieren referenda.
- De gemeente beheind har oant kearntaken; minder oerheidsbemoeienis.
- De gemeente giet kritysk en weromhâldend om mei de opdrongen duorsumensregels; ophâlde mei de klimaathystearje.
- De gemeente wurket net mei oan it foarstelde 'Deltaplan voor het Noorden' (100.000 ynwenners fanút de Rânestêd nei Fryslân).
- Wentebou foar eigen boargers.
- De gemeente wurket net mei oan opfang statushâlders.
- Gjin azc of moskee binnen de gemeente.
- Stimulearjen behâld en/as útwreiding fan lytse-, midden- en gesinsbedriuwen.
- De gemeente sil aktyf lobbyen by bedriuwen foar it fêstigjen yn Achtkarspelen.
- Jou agrariërs de maksimale romte, rekkening hâldend mei omwenjenden; minder regels, minder lêsten. Koartsein, boeren stimulearje en net beheine.
- Achtkarspelen moat as gemeente net meigean mei de lânlike trend om boerebedriuwen twinge te wollen harren bedriuw op in bepaalde wize te runnen of slimmer noch: om hja ferdwine te wollen litten.
- De gemeente akseptearret net dat der besunige wurde moat op 'e soarch en de Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo).
- De gemeente nimt ûnder gjin beding genoegen mei lagere fergoedingen fanút it gemeentefûns, sterker noch: it moat substansjeel ferhege wurde.
- De gemeente set har maksimaal yn foar legere lêsten foar boargers en bedriuwen.
- Achtkarspelen bliuwt in selstânnige gemeente.
- De gemeente set har yn foar goed, betelber en tagonklik iepenbier ferfier oant yn de doarpen ta.
- Gjin keunst- en multicultisubsydzjes.



Ynlieding

De Partij foar de Frijheid wol fierder trochdringe yn de haarvaten fan de maatskippij. Wy binne de partij *fan* it folk, mar foaral *foar* it folk en *troch* it folk. Mei dat foar eagen stelle wy jo ús ferkiezingsprogramma foar mei ús karren foar Achtkarspelen. Hjiryn binne wy pragmatysk en patriottysk, wy kieze dus earst foar ús eigen ynwenners. Dêrby gean wy út fan de eigen krêft en wolle wy minder ynfloed út Den Haach of Brussel. Júst mear ynfloed fan de ynwenners sels! Wy kieze benammen foar ús demokrasy, ús frijheid, ús kultuer, ús taal, ús ekonomy, ús feiligens, ús soarch en kwaliteit fan libben, ús omjouwing en ús finânsjes. Wat dy finânsjes oanbelanget wolle wy dat de Haachske oerheid mei mear jild oer de brêge komt. Tsientallen miljarden euro's wurde oermakke nei Súd- en East-Europeeske lannen. Hûnderten miljarden euro's wurde fergriemd yn ûnberikbere en dêrtroch ûnsinlike klimaatdoelen. Dit wylst de eigen gemeenten hieltyd mei mear taken sitte dêr't net genôch budzjet by ferliend wurdt, in foarbyld is it sosjaal domein (Wmo). Under it mom fan gruttere selsredsumens nimme de lêsten foar de boargers ta, dat betsjut dat der besunige wurde moat op allerhanne kearntaken. De PVV sil dêr nea mei ynstimme en wol alle mooglike middels ynsette om mear jild nei Achtkarspelen te krijen. As it nedich is, troch juridyske prosedueres en bestjoerlike ongehoorzaamheid. Genôch is genôch!

Achtkarspelen is in moaie plattelânsgemeente. De rêst, de romte, ús taal en ús wize fan libjen: dat wolle wy graach sa hâlde. Dus gjin grutte ynstream fan nije ynwenners fan bûten ús regio, útsein as it om minsken giet dy't werom wolle nei Achtkarspelen. Wy moatte lykwols bliuwend antisipearje op de fergrizing fan de befolking. Wy moatte der foar soargje dat de âlderein, dy't ús maatskippij opboud hawwe, goed fersoarge wurde yn har eigen omjouwing. Hoewol't wy as gemeente der net oer gean, meie wy nea akseptearje dat troch de idioate útjeften en besunigingen yn Den Haach, lykas it foarnimmen om de AOW los te keppelje fan it minimumlean, de âlderein it finansjeel hieltyd minder krije. Ek moatte de jongerein in goeie takomst krije yn Achtkarspelen. Dêrom: soargjen foar goed ûnderwiis, foarsjennings, wurkgelegenheid en romte om te wenjen.

Wy hawwe it idee dat wy fier fuort fan de drokke Rânestêd wenje. De problemen dêr mei ymmigraasje, yntegraasje en islamisearring, spylje foar ús gefoel op dit stuit yn de gemeente en yn Fryslân noch minder. Mar fersin jo net, de Fryske befolking groeit al in protte jierren oanhâldend troch de massale ymmigraasje. De húsfesting fan statushâlders soarget foar in protte nije minsken mei in net-westerske eftergrûn, ynklusyf benammen ek minsken mei in islamityske eftergrûn. De islamityske ideology preket ôfkear fan ús westerske beskaving. It stribbet nei segregaasje ynstee fan yntegraasje. Op grûn fan ûngelikens tusken manlju en froulju, homo- en heteroseksualiteit, leauwigen en net-leauwigen. Dizze ideology ferhâldt har net oan ús iepen maatskippij en westerske ydentiteit dy't fuortkomt út de kristlike, joadske en humanistyske tradysjes. Dy westerske tradysjes hawwe ús wolfeart, wolwêzen, kennis en frijheden brocht. Mei de nije grutte ynstream fan asylsikers, dy't as it heal kin twongen troch de Haachske oerheid troch de gemeenten opnaam wurde moatte, moatte wy wach bliuwe. As it yn de Rânestêd reint, giet it hjir drippen. As de diken dêr brekke – en dêr liket it hieltyd mear op – krije wy hjir in

oerstreaming. De driging fan it foarstelde 'Deltaplan voor het Noorden' wêrby't yn Fryslân 60.000 ekstra wenningen boud wurde moatte, foar in grut part om hjir 100.000 Rânestêdelingen ûnder te bringen, docht bliken dat ús eangst foar omfolking hieltyd mear werklikheid driget te wurden. De PVV wol perfoarst ús wenningtekoart oanpakke (sa gau mooglik en ek foldwaande), mar allinnich op basis fan ferlet fan ús eigen ynwenners. Wy sille altyd foarearst de belangen fan ús eigen ynwenners ferdigenje bliuwe. Dat soe eins fanselssprekkend wêze moatte, wy sitte ommers yn de gemeenteried foar Achtkarspelen en net foar de belangen fan de rest fan de wrâld! Humanitêre en goeddiedige aksjes binne lofberens, mar it is in taak foar de yndividuele boarger. Hy kin sels bepale oft, en sa ja, hoefolle en foar hokker doel er syn jild eventueel skinke wol. Ek dat is in foarm fan demokrasy, troch de kontrôle sa ticht mooglik by de boarger te bringen. Fairtrade, as bêd-bad-brea-regeling dy't troch de gemeente opset binne (om mar wat te neamen), binne dêrom hjir net te plak. It helpen fan flechtlingen moat dien wurde troch opfang yn de eigen regio. Of oars as der hielendal gjin oare wei is troch tydlike ûnderdak, as it moat yn ús lân. Der kin lykwols gjin permaninte fêstiging wêze yn ús al hielendal oerbefolke lân.

De ekonomy fan Achtkarspelen moat it ha fan it MKB, de lânbou, rekreaasje en toerisme. De gemeente moat maksimaal ynsette om dat te stimulearjen. De gemeente moat net op 'e ûndernimmersstoel sitte wolle, mar júst de plannen fan dy ûndernimmers fasilitearje *sûnder* allerhanne rjochtlinen oangeande bygelyks duorsumens dêr't dy ûndernimmers oan foldwaan moatte. Spitigernôch sjogge wy dat it tsjinoerstelde hieltyd mear wierheid is. Fergunningen en subsydzjes, al as net út Brussel of Den Haach, wurde hieltyd mear allinnich ferliend as der oan de (faaks) meast absurde duorsumensregels foldien wurdt.

Jo kinne hjirûnder yn mear detail lêze wat ús plannen binne. Op ús hiemside (www.achtkarspelen.pvv.nl) kinne jo lêze wa't ús kandidaten foar de takomstige gemeenteried binne. Fansels stribje wy dêrby ek nei echte ynfloed. Wy wolle hjiryn graach gearwurkje mei oare partijen, mar wy sille altyd stribje om ynfloed te hawwe op ús PVV-stânpunten, en dy binne helder!

“It moat oars!”

1. Demokrasj, bestjoer en tsjinstferliening

De PVV fynt dat de oerheid (de gemeente) oergean moat fan in regisseurjende rol nei in mear fasilitearjende rol. De keuzefrijheid fan boargers sil dêrby sintraal stean. Nei ideeën en plannen "fan ûnderen op" moat lústere wurde. Boargers moatte sa betiid mooglik belutsen wurde by planfoarming en harren ynbring moat serieuus meinaam wurde. Ynsjativen fan ûndernimmers net beheine mei ûnsinnige regels, mar nim wêr mooglik in fasilitearjende rol op. De gemeente is der foar har ynwenners en net oarsom!

De PVV fynt dat it systeem fan ien kear yn de 4 jier stimmen op in politike partij lang net foldwaande is om gehoar te jaan oan it demokratyske rjocht fan de boargers. Hast alle politike partijen hawwe op de ien of oare wize de ambysjes fan "tegearre mei de mienskip" en "fan ûnderen op" yn harren ferkiezingsprogramma's. Yn de praktyk docht it lykwols hieltyd wer bliken dat harren definysje fan dizze sitaten perfoarst net foldwaande is en faaks net goed wurket. Lang net eltse boarger fielt har of him heard. It fertrouwen yn de polityk is ekstreem leech. Wy begripe wol hoe't dat komt. Wy wolle dat boargers echt ynfloed krije op de saken dy't foar harren wichtich binne. Dat kinne ûnderwerpen wêze dy't de hiele gemeente oangeane, mar ek kin it sa wêze dat yn in bepaald doarp of omjouwing rieplachting nedich is. Om op termyn it fertrouwen fan boargers yn bestjoer, oerheid en demokrasj te winnen, moatte jo ek de útslaggen fan dizze rieplachtingen respektarje.

Demokrasj:

- *Ynfieren fan riejouwend, rieplachtend en korrektyf referindum (nei Switsersk model);* de gemeente is koartlyn begûn mei it brûken fan de hiemside: www.denkmee.achtkarspelen.nl om boargers oer bepaalde ûnderwerpen te rieplachtsjen. In moai inisjatyf en in stap yn de goede rjochting. Lykwols, neffens PVV Achtkarspelen perfoarst net foldwaande. De stimrjochte ynwenners fan Achtkarspelen moatte regelmjittich de kâns krije om harren miening te jaan oer impactfolle ûnderwerpen fia in riejouwend, rieplachtend of korrektyf referindum. It fertrouwen fan de measte boargers yn polityk en demokrasj is (om foar ús begryplike redenen) fier ûnder akseptabel. Ek wannear't echt objektyf, net-stjoerde rieplachting mooglik wurdt, is der in soad tiid, ynset, transparânsje, earlikheid en opfolgjen fan útslagen nedich sadat boargers aktyf meidwaan wolle. It is dus heech tiid om de hegemony fan grutte regintenske partijen te brekken!
- *Yntrodusearje boargerbegrutting;* boargers mear belûke by besluten oer iepenbier jild. It giet úteinlik om harren jild.
- *De gemeentlike begrutting moat strak kontrolearre wurde;* de begrutting fan in gemeente lit sjen wat it kolleezje fan B&W in kômmend begruttingsjier fan plan is. Mei oare wurden: de rjochting fan de gemeente wurdt taljochte. Om dy reden moat de gemeentlike begrutting altyd strak kontrolearre wurde.
- *Ynfieren fan in platfoarm foar âlderein;* der wurdt al besocht nei de jongere generaasje te harkjen, bygelyks mei help fan in jongereinried en miskien yn de takomst ek in berneboargemaster. Neffens PVV Achtkarspelen moat der lykwols ek mear harke wurde nei de âlderein. Tink oan de ynfiering fan in platfoarm foar âlderein dat it kolleezje advisearje sil. Ommers, wiisheid komt mei de jierren. Mei dy wiisheid kinne wy mear dwaan.

- *Befolking kiest direkt har eigen boargemaster*; njonken de wat symboalyske funksje fan in boargemaster, soarget in boargemaster ek foar in wichtige portefúlje dy't bygelyks de iepenbiere oarder en feiligens binnen de gemeente omfettet. Boppedat is de boargemaster foarsitter fan de gemeenteried. Mei oare wurden, foarsitter fan de folksfertsjintwurdigers. Neffens PVV Achtkarspelen is it dêrom tige wichtich dat in boargemaster op direkte wize 'droegen' wurdt troch it folk.
- *Ynfieren fan in 'riedsagenda'*; op it stuit yn it hjoeddeistige systeem wurdt nei de ferkiezings in koälysje foarme troch in tal partijen dy't mei-inoar goed de helte fan de sitten hâlde. Dizze koälysje makket dan in koälysje-akkoart wêryn't bepaald wurdt wat de rjochting, ynstek en beslútfoarming de kommende 4 jier wêze sil. De PVV is fan betinken dat troch de yn sa'n oerienkomst wiidweidich beskreaune ôfspraken en ambysjes (dus eins ek troch it foarmjen fan in opposysje en in koälysje), de opposysje yn de hiele riedstermyn suver struktureel oan de kant stiet. Dêrom moat der neffens de PVV nei de ferkiezings in 'riedsagenda' opsteld wurde ynstee fan in wiidweidich koälysjeakkoart. Yn sa'n agenda kinne *alle* politike partijen oanjaan hokker ûnderwerpen yn de kommende amtstermyn yn elts gefal besprutsen wurde moatte, sûnder yn sa'n agenda al in rjochting fêst te stellen. Dat soarget foar in iepen debat troch de gelegenheids-koalysjes dy't per ûnderwerp foarme wurde kinne. Dit ynstee fan in diktatuer fan in permaninte koälysje dy't gjin rjocht docht oan de miening fan *alle* kiezers.
- *It kolleezje moat bestean út betûfte portefúlgehâlders*; om rjocht te dwaan oan it duale systeem (skieding tusken gemeenteried en kolleezje) soe in takomstig kolleezje gearstald wurde moatte út betûfte portefúlgehâlders dy't gjin bân hawwe mei hokker partij dan ek. Yn it gefal dat der gjin koälysje foarme is en der gjin navelstring mei it kolleezje bestiet, kinne de yn de gemeenteried fertsjintwurdige partijen yn alle earlikens en objektiviteit wurkje om safolle mooglik punten út it eigen ferkiezingsprogramma te realisearjen. Sa jildt ynfloed op it belied yn ferhâlding ta it tal sitten foar alle yn de gemeenteried fertsjintwurdige partijen.

Tsjinstferliening:

- *Der is iepenbierheid fan bestjoer*; de gemeente moat transparant wêze.
- *De gemeente belûkt belanghawwenden better by har besluten.*
- *De tsjinstferliening fan de gemeente moat sa leechdrompelig mooglik wêze*; op dit stuit jildt yn it gemeentehûs de regel dat boargers in ôfspraak meitsje moatte foardat der bygelyks in nij identiteitsbewiis of rydbewiis oanfrege wurde kin. PVV Achtkarspelen fynt it lykwols wichtich dat minsken ek sûnder ôfspraak nei it gemeentehûs kinne. Boppedat moat de online tsjinstferliening sa wiidweidich mooglik wêze, sadat boargers *sels* kieze kinne oft se fysyk of online holpen wurde wolle.

De gemeente:

- *Sil net fusearje mei in oare gemeente; ús gemeente is unyk, ús befolking is unyk. It is wichtich dat wy ús identiteit en de minsklike skaal behâlde troch bestjoerlik ticht by de befolking en ús eigen gemeente te bliuwen. Dêrom net om in pear sinten fusearjen mei in oare gemeente. Yn elts gefal nea sûnder dat de ynwenners fan de gemeente Achtkarspelen harren miening uterje kinne fia in binend referindum, wêrby't op syn minst 75% fan de boargers stimme moat foar in weryndieling. Amtlike gearwurking fia de wurkmaatskippij 8KTD is neffens de PVV prima. Dochs altyd mei it each op de eigenheid en belangen fan beide yndividuele gemeenten en allinne sa lang as dêr genôch foardiel út helle wurde kin.*
- *Is betrouber, tsjinstber en stelt har iepen op.*
- *Skaft wêr mooglik fergunningsprosedueres ôf; mei de nije Omjouwingswet wurde fergunningsprosedueres oer it algemien ferienfâldige en fersneld. PVV Achtkarspelen fynt lykwols dat de gemeente ek kritysker wêze moat oer hokker fergunningsprosedueres mist wurde kinne.*
- *De gemeente bliuwt har kontrolearjende taken útfiere; mei de nije Omjouwingswet kin it net sa wêze dat inisjatyfnimmers altyd direkt op harren blauwe eagen liuwd wurde.*
- *Beheind har ta har kearntaken; dat past by ús stânpunt dat de gemeente der wêze moat foar har ynwenners en net oarsom. Sinleaze regeljouwing is foar de PVV net mooglik. De gemeente moat har allinnich rjochtsje op har kearntaken, lykas: ynfrastuktuer, feiligens, tsjinstferliening, útfiering fan de Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo).*

Legere lêsten:

De PVV wol de hieltyd tanimmende lêsten foar boargers en ûndernimmers stopje! In wichtige oarsaak fan de hieltyd tanimmende lêsten is ûnder oare trochdat it Ryk hieltyd mear taken oerdraacht oan de gemeenten, lykas de progressive kosten op it sosjaal domein (Wmo). De fergoedingen dy't hjir by hearre út Den Haach lizze steeds fierder achter op skema. In nije opdracht wêr't it Ryk de gemeenten mei opsadele hat, is it nije ynboargeringsbelied. It Ryk jout de gemeenten aanst in budzjet dy't der dan foar soargje moat dat de grutte stream fan statushâlders, dy't wy ferwachtsje kinne, ynboargerje wurde. De finansjele tekoarten foar de gemeente, en ek it falende belied, binne al foarsizzend. De PVV fynt dat flechtlingen yn de eigen regio opnaam wurde moatte. As it ûnferwachts dochs nedich is om nei ús lân út te wiken, kin dat mar tydlik wêze. Ynboargering hat dêrom net safolle mearwearde. De PVV sil it dus grif net iens wêze mei de dêrtroch ûntstiene tekoarten dy't oanfolle wurde moatte út de algemiene middels.

Dêrom:

- *De gemeente sil yn gjin gefal it iens wêze mei de legere fergoedingen fanút it gemeentefûns, sterker noch: dy moat substansjeel ferhege wurde.*
- *De OZB flink ferleegje en gjin ynflaasjekorreksje.*
- *Ofskaffe forenzenbelesting.*
- *Hûnebelesting bliuwt ôfskaft.*

- *Toeristebelesting wer ôfskaffe*; fan 1 jannewaris 2022 ôf wurdt dizze belesting spitigernôch yn de gemeente oplein. De PVV fynt dat de toeristebelesting ôfskafft bliuwe moat. Boppedat levert it amper jild op foar de gemeente. Benammen pynlik is it dat ûndernimmers yn de toeristyske sektor brûkt wurde as ferklaaide belestinginers. Nota bene wy wolle it toerisme befoarderje: dat dogge je net troch belesting te ferheegjen!
- *Legere ôffalstoffenheffing*; dit mei nea heger wêze as de kostpriis.
- *Legere leges en wêr mooglik ôfskaffe*; dit mei nea heger wêze as de kostpriis.
- *Parkearje bliuwt oeral yn Achtkarspelen fergees.*
- *Riolearheffing tsjin kostpriis (dus wurdt goedkeaper).*

2. Iepenbiere oarder en feiligens

Achtkarspelen hat gjin eigen plysjeburo mear, wylst it in grut gebiet beslacht. De oanrydtiden fan út Drachten, Dokkum of Burgum binne (te) lang. De PVV fynt dat der by kalamiteiten 24/7 genôch dekking wêze moat. Dat jildt ek foar ambulânse en brânwacht.

Dêrom:

- *De plysjepost yn it gemeentehûs bliuwt iepen.*
- *Der komt in plysjepost yn Surhústerfean.*
- *Der is 24/7 genôch dekking fan plysje, brânwacht en ambulânse.*
- *De plysje surveilleart genôch yn de doarpen.*
- *De plysje is sa ynrjochte dat hja ter plekke meldingen opnimt, bemiddelet ensfh.*
- *De foarkar wurdt jûn oan de plysje ynstee fan boa's.*
- *Jeugd- en drugsoerlêst wurdt stevich oanpakt.*
- *Gemeente soarget foar geregeld oerlis mei de doarpen oer feiligens en oerlêst.*
- *As it net oars kin de Aso-wet tapasse; dizze wet biedt de boargemaster de mooglikheid om ynwenners dy't lange tiid foar in soad oerlêst soargje, in gedrachtsfoarskrift op te lizzen.*
- *Repressyf belied tsjin it fêstigjen fan coffeeshops yn de gemeente.*
- *Spesjaal omtinken foar it stimulearjen fan frijwillige brânwacht.*



3. Undernimmerskip, ekonomy en wurkgelegenheid

Achtkarspelen siket nei mear wurkgelegenheid. De ekonomy moat groeie! Undernimmers fertsjinje legere lêsten, in snellere ôfhanneling fan fergunningsoanfragen en minder ûnsinnige regeljouwing. De gemeente moat net op de ûndernimmerstoel sitten gean. De gemeente heart te tinken yn kânsen en foaral: fasilitearjen.

Yn ús gemeente wenje in soad zzp'ers, mar dy moatte faak fier ôfreizigje om wurkje te kinnen. Wy wolle dat ús ynwenners tichterby wurkje troch wurk te kreëaren yn de eigen gemeente. Mei oare wurden, bedriuwen nei Achtkarspelen bringe! PVV Achtkarspelen fynt it wichtich om it bedriuwsklimaat yn de gemeente yn brede sin te ferbetterjen, sawol foar besteande as nije ûndernimmers. De ûndernimmers binnen de gemeente soargje ommers foar ynnovaasje, kreëarje wurkgelegenheid en soargje foar mear kânsen.

Dêrom:

- *Undernimmers yn Achtkarspelen dy't der ferlet fan hawwe mear en wiidweidich (finansjeel) stypje om troch de koroana-krisis te kommen.*
- *It ferminderjen fan lokale lêstendruk foar ûndernimmers, bygelyks troch it ôfskaffen fan ûnnedige en hinderjende belastingen.*
- *Upgrade yndustryterreinen en útwreidzje wêr nedich. Soargje der ek foar dat leechstân fan ferskate gebouwen op yndustryterreinen foarkaam wurdt troch bygelyks leechsteande gebouwen te transformearjen yn mearbedriuwsgebouwen foar zzp'ers en starters.*
- *Snellere ôfhanneling fan fergunningsoanfragen.*
- *Fergunningprosedueres wurde wêr mooglik ôfskaft.*
- *Snelle betelling fan faktueren troch de gemeente oan ûndernimmers.*
- *Minder regeljouwing en minder burokrasy; troch yn oerlis te gean mei de ûndernimmers wol de PVV dat de gemeente konkreet yn kaart bringt wêr't de pinepunten lizze, sadat der echt wat oan dien wurde kin.*
- *Stimulearjen fan it behâld en/of útwreiding fan lyts, middelgrut en famyljebedriuwen.*
- *Stimulearje lokale start-ups.*
- *Aktyf lobbywurk by bedriuwen foar festiging yn Achtkarspelen.*
- *Fergees parkeare bliuwt!*
- *Oanbestegingen fan de gemeente sa organisearre dat dy mei yn achtnimming fan Europeeske oanbestegingsregels safolle mooglik wurkgelegenheid skeppe foar bedriuwen út de eigen gemeente.*
- *Undernimmers dy't yn swierrichheden sitte en/of gefaar rinne fallyt te gean, bettere en aktive stipe en advys jaan; de gemeente kin dêrby in wichtige stypjende rol spylje.*
- *Gemeentlike ynkeap by safolle mooglik lokale bedriuwen.*
- *It fergrutsjen, stimulearjen en fasilitearjen fan kennisûntwikkeling by ûndernimmers op it mêd fan digitalisearring, bygelyks oangeande e-commerce.*
- *Leechsteande gebouwen oanpakke; tink oan renovaasje en/of werynrjochting.*

- *De gemeente set har yn foar it krijen fan mear Europeeske en provinsjale subsydzjes dy't de pleatslike wurkgelegenheid ten goede komme kinne.*
- *Undersyk dwaan nei útwreidzjen fan toeristyske mooglikheden; Skûlenboarch is in foarbyld fan in miste kâns. De PVV hat ferskate kearen pleit foar de oanlis dêr fan in rekreaasjepark dêr't allegearre spin-off mooglikheden foar de detailhannel en horeca opleverje kinne. Spitigernôch hat in grutte mearderheid fan de gemeenteried en it sittende kolleezje der foar keazen om op kosten fan de mienskip in ynvestearringskollektyf in soad jild fertsjinjen te litten troch dêr in grut sinnepark oan te lizzen.*
- *Stypjen Maatskiplike Undernimming Achtkarspelen (MOA); doelgroepmeiwurkers produktyf en sinfol wurk dwaan liite foar ús mienskip, sûnder dat der konkurrinsjefersking foar bedriuwen optreedt.*
- *Besykje mear minsken dy't op ôfstân fan de arbeidsmerk steane – mei of sûnder it behâlden fan in diel fan de útkearing – by bedriuwen ûnder te bringen; tink ek oan besteande wurk- en learprojekten wêrby oansluten wurde kin.*

4. Lânbou

De lânbou stiet ûnder grutte druk fan ferskate partijen, fan Europa oant de Provinsje, en ek faaks fanút de gemeentepolityk. Absurde regels foar bygelyks it boekhâldkundige stikstof 'probleem' dat nergens op slacht, wurde fan boppe oplein en faaks is der gjin of binne der net genôch mooglikheden foar ynspraak.

PVV Achtkarspelen fynt it dêrom tige wichtich dat wy fan no ôf mear en benammen fanút it belang fan de agrariër tinke, ynstee fanút burokratyske ideeën en (griene) beliedskaders en idealen. Sa kinne ynstee fan bedrigings kânsen makke wurde foar de lânbou en kin de sektor har nei eigen goetinken ûntwikkelje.

Dêrom:

- *Achtkarspelen moat as gemeente net meigean mei de lanlike trend om pleatsen te twingen harren bedriuw op in bepaalde wize te runnen, of noch slimmer, om se ferdwine te litten.*
- *Gjin twongen ûnteigening of oankeap fan lânboubedriuwen!*
- *Jou agrariërs de maksimale romte, rekkening hâldend mei omwenjenden; minder regels, minder kosten. Koartsein, boeren oanmoedigje en se net beheine.*
- *Romte biede en fasilitearjen fan lytsskalige boerekampings en suvelhannel.*
- *By it foarmjen fan gemeentlik belied moatte de (saaklike) belangen fan de lânbouûndernimmer foarop stean.*
- *Lânboubedriuwen dy't ûnder druk steane, moatte altyd de kâns krije en as der ferlet fan is, stipe krije om transformearje te kinnen nei nije bedriuwaktiviteiten om wer foarút te kinnen. De gemeente moat dêr in partner yn wêze en gjin hinderjende faktor.*
- *Lânbouûndernimmers safolle mooglik romte jaan by it kombinearjen fan kearnaktiviteiten mei sekundêre aktiviteiten; de PVV fynt dat lânboubedriuwen har ûntwikkelje moatte kinne neffens eigen ideeën en op ferskillende wizen.*
- *Stipe by de bedriuwsfiering en by it oanfreegjen fan subsydzje as dêr ferlet fan is.*
- *De gemeente moat boeren goed belûke by natuer- en lânskipsbehear.*
- *Aktive stipe foar jonge boeren.*
- *Gemeentlik belied basearje op mjittingen ynstee fan berekkeningen / modellen.*
- *Ynnovearje ynstee fan sanearjen.*
- *De gemeente moat har ynsette op previnsje fan wolveskea.*

5. Soarch

Wa't net mear foar harsels soargje kin, hat rjocht op help! Dat jildt foar de âlderein, mar ek foar de jongerein. Troch de te lege fergoedingen fan it Ryk is it foar in gemeente tige ferliedlik om hieltyd mear te besunigjen op help en soarch. It Haachske regear besuniget hieltyd mear op de soarch. Harren credo en toverwurd dêrby is "selsredsumens", mei oare wurden: boarger, sjoch mar hoe't jo josels rêde. De PVV is hjir folslein op tsjin. De gemeente moat as it nedich is de barrikaden op om te soargjen dat der út Den Haach genôch jild útbetelle wurdt foar soarch. It is ommers ús eigen belestingjild dat wy foar dit doel werom hawwe wolle.

Dêrom:

- *Soarch moat gau en maklik oan te freegjen wêze by de gemeente en yn ridlikens honorearre wurde; Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo).*
- *Stimulearjen fan (lytse) soarchynstellings, ek yn de lytsere doarpen; sadat de âlderein dêr sa lang mooglik bliuwe kinne.*
- *Net besunigje op beheinden foarsjennings.*
- *Bestriding fan iensumens; sawol by de âlderein as wis ek by de jongerein.*
- *Groanysk siken bliuwend stypjen wêr nedich.*
- *Der moatte yn elk doarp genôch defibrillators oanwêzich wêze.*
- *Wurkleazen ynsette by frijwilligerswurk yn de soarch.*
- *De húsdokter krijt wer in sintrale en gruttere posysje yn de soarch.*

6. Ynfrastruktuer en ferkear

Goeie berikberens is ûnmisber foar in goeie ekonomy. Dêrom moat de oanlis en it ûnderhâld fan diken nei it Rykswegennet goed ferrinne.

It ûnderlizzende dyknetwurk, ynklusyf feilige fytspaden, fuotgongersoergongen en ferljochting: optimalisearjen. Efterstallich ûnderhâld moat no oplosse wurde.

Dêrom:

- *Optimalisearjen fan wegenbou en ûnderhâld.*
- *Wêr nedich soargje foar in bettere ferkearsfeiligens (lykas it oanlizzen fan oerstekplakken) en ferkearsstream; ûnfeilige situaasjes oanpakke en oplosse.*
- *Effektive glêdensbestriding.*
- *Meitsje mear goed ferljochte fytspaden; bern moatte oer feilige fytspaden nei skoalle kinne.*
- *Fietspaden ferbreedzje wêr't dat nedich is.*
- *Ynsette foar it garandearjen fan Europeeske en provinsjale subsydzjes foar it oanlizzen fan mear toeristyske fytspaden.*
- *Fergees parkeare bliuwt!*

7. Underwiis

Goed ûnderwiis is de basis foar de takomst. Alle bern moatte nei in heechwaardige en feilich tagonklike skoalle kinne.

Goed swimme kinne is in must, benammen yn ús wetterryke omjouwing.

Dêrom:

- *Basisskoallen moatte yn de hiele gemeente goed berikber wêze.*
- *Stimulearring fan berne-opfang.*
- *Ynset foar it behâld fan lytse basisskoallen; mooglik fusearje, soargje derfoar dat de skoalle bliuwt. Elk doarp moat in eigen skoalle hawwe.*
- *Der is in groeiend ferlet fan betûfte professionals, dêrom de ambachtsskoalle werom.*
- *It fuortset ûnderwiis yn oerlis ôfstimme op it ferlet fan bedriuwen.*
- *Opheffing fan taalefterstân by bern; de offisjele taal is it Frysk en it Nederlânsk.*
- *Op alle basis- en middelbere skoallen yn de gemeente moat sa gau mooglik it Frysk yn foldwaande omfang jûn wurde.*
- *Pesten op skoalle hurd oanpakke.*
- *Mear omtinken foar nasjonale en benammen ek ús eigen Fryske skiednis yn it basis- en middelber ûnderwiis.*
- *Net beynfloedzjen fan bern mei eangstsenario's oer opwaarming fan de ierde en yndoktrinearje mei oare spesifike linkse ideeën; selstinken wurdt stimulearre.*
- *Skoalswimmen op alle basisskoallen wer ynfiere.*
- *Muzykûnderwiis (de Wâldsang) genôch stimulearre en bliuwend fasilitearre.*
- *Bern moatte feilich nei skoalle kinne; de gemeente moat soargje foar feilige rûtes.*



8. Foarsjennings

It soargjen foar goed wurkjende foarsjennings is neffens PVV Achtkarspelen ien fan de kearntaken fan in gemeentebestjoer.

Dêrom:

- *Fokus op it behâld en fasilitearjen fan klup- en doarpshuzen.*
- *Foarsjennings foar doelgroepen (jeugd, âlderein, handikapt) stipje.*
- *Fasilitearje sportferienings, muzykferienings en eveneminten. Ferdiel budzjetten en foarsjennings sa earlik mooglik oer de doarpen. Eventueel yn goed oerlis fasiliteiten kombinearje/bondelje omwille fan effektiviteit.*
- *Evenredige ferdieling fan budzjetten oer de doarpen foar wenningbou, ynfrastuktuer, ensfh...*
- *De gemeente moat besykje te foarkommen dat pinautomaten en filialen fan banken út de gemeente ferdwine.*
- *De gemeente docht der alles oan om te soargjen dat de provinsje genôch en betelber iepenbier ferfier oant yn de doarpen leveret.*

Keunst en kultuer:

Achtkarspelen is grutsk op har kultureel erfgoed. Dat is goed foar it bewustwêzen fan de Fryske noarmen en wearden. De PVV komt dêr ek foar op.

Algemeine keunst- en kultuerynstellingen dy't sûnder subysdzje net bestean kinne, sille op syk moatte nei in oare foarm fan ynkommen.

- *Gjin keunst subysdzjes.*
- *Gjin multicultisubysdzjes.*
- *Wol stipe foar Frysk kultureel erfgoed.*
- *De biblioteken bliuwe iepen.*
- *Fasilitearje de fytstocht fan Surhústerfean wêr mooglik.*
- *Swarte Piet bliuwt! Ek yn Achtkarspelen is dat in wichtich ûnderdiel fan ús kultuer. Dit mei troch in lytse groep sielepiten net ôfpakt wurde!*

9. Omjouwing

Achtkarspelen is in moaie plattelâns gemeente. It coulissenlânskip is unyk. Dat wolle wy sa hâlde, bygelyks troch wyn- en sinneparken net ta te stean. Jierliks wurde ynwenners op allerhanne manieren direkt en yndirekt foar tûzenen euro's ekstra belêste om de duorsumensgekte te beteljen. It is net nedich!

Duorsumens:

- *Stopje de klimaathystearje; bliuw realistysk.*
- *Gjin nije wynmûnen of wynmûneparken en gjin subsydzje foar (lytse) wynmûnen.*
- *Gjin nije sinneparken en gjin subsydzje foar sinnepanielen.*
- *Gjin subsydzjes foar duorsumensprojekten.*
- *Ynstallearje gjin djoere oplaadpunten foar elektryske auto's op kosten fan 'e mienskip; elektrysk riden is noch altyd foar de 'happy few' dy't sjen litte kinne dat se goed binne, dêr hoecht de gewoane boarger net foar te beteljen.*
- *De gemeente is kritysk en foarsichtich oer de duorsumensregels dy't ús út Den Haach en Brussel oplein wurde; ûnder gjin omstannichheden sille wy foar de muzyk oprinne. It kostenplaatse foar ús boargers bliuwt it wichtichste.*
- *Folslein ynsette op lobbyjen en ûndersyk nei de ûntwikkeling fan kearnenerzjy (thorium).*

Bouwe en wenjen:

- *Stimulearje en fasilitearje Stichting Woningbouw Achtkarspelen (SWA) om nei ferlet sosjale hierweningen foar de eigen boargers te bouwen; sosjale húsfesting is troch de enoarm tanimmende boukosten en de maksimum hierlimyt hast net mear te realisearjen. De oarsaak fan tanimmende boukosten is foar in grut part te tankjen oan de entûsjast opleine duorsumensregelingen (foar in part) troch de gemeente.*
- *Jou gjin foarrang oan asylsikers / statushâlders.*
- *Frije sektor húsfesting fasilitearje yn ferhâlding ta it ferlet fan de eigen ynwenners; de wachtlisten binne fierstente lang.*
- *Der moat wenningbou plak fine op basis fan it ferlet fan de eigen bewenners; wêrby't dan foarrang wurdt jûn oan ynwenners fan de gemeente by tawizing of gunning. Mei oare wurden, bou gjin wenten foar grutte groepen Rânestêdelingen! Dat is ek de reden dat de PVV tsjin it 'Deltaplan foar it Noarden' is. Binnen dit plan wurde benammen weningen boud foar Rânestêdelingen en dat wolle wy perfoarst net!*
- *Stimulearje, mar net ferplichtsje, fan libbensbestindig bouwe; boargers moatte safolle mooglik sels bepale kinne hoe't se harren wenning bouwe wolle.*
- *As gemeentebestjoer de foarskreaune duorsumensregels by bou en ferbouwing sa soepel mooglik tapasse; lit boargers safolle mooglik sels beslute.*
- *De gemeente soarget derfoar dat doarpen net substansjeel útwreidzje.*
- *Gemeentlike oanbestegingen safolle mooglik takenne oan bedriuwen út de eigen gemeente; oanbestegings as dat nedich is yn lytsere stikken snije sadat der noch oan de Europeeske konkurrinsjeregels foldien wurdt.*

Oare saken:

- *Beskerming fan doarpsgesichten.*
- *De gemeente beskermet ús unike lânskip; tink oan it coulissenlânskip, de dykswâllen en de pingo's.*
- *Oanlis fan mear toeristyske fytspaden.*
- *De bermen moatte kreas ûnderhâlden wurde, ynstee fan mar ien of twa kear yn it jier te meanen; it dêr mar wat litte stean, saneamd om it bioferskaat te befoarderjen, is benammen om budzjetredenen. It is nalatich en it resultaat is in suterige gemeente. Dit is net akseptabel. Itselde jildt foar it wetterwegenûnderhâld, dat foar in part in gemeentlike taak is en foar in part in taak fan it wetterskip. De gemeente soarget derfoar dat de wetterwegen fan no ôf goed ûnderhâlden wurde.*
- *Der komme gjin moskeeën en/of asylsikerssintra yn Achtkarspelen.*
- *De gemeente is repressyf by it realisearjen fan ekstra opfangplakken foar asylsikers.*
- *Gjin bêd-bad-brea-regeling yn Achtkarspelen.*
- *Gemeente/boargemaster wurket útsettingen fan asylsikers net tsjin.*
- *Unfeilige plakken oanpakken.*
- *Utkearingsfraude/geweld tsjin personiel fan sosjale tsjinst betsjut gjin útkearing mear.*
- *Minsken út de doelgroep Maatschappelijke Onderneming Achtkarspelen (MOA) fertsjinje stipe fan de gemeente. Se dogge nuttich wurk.*
- *De gemeente skaft advys fan Hûs en Hiem (wolwêzenskommisje) ôf.*
- *As boargers bydrage wolle oan ûntwikkelingshelp is dat lovenswaardich, mar de gemeente docht dat net mei belestingjild.*
- *De gemeente moat him net dwaande hâlde mei 'fairtrade', ek dat is oan de boargers sels.*
- *Better tafersjoch en bestriding fan bistelijen en -mishanneling.*



PARTIJ VOOR DE
VRIJHEID

ACHTKAR SPELEN

It moat oars!

www.achtkarspelen.pvv.nl